

Ynspiraasje troch Warns te betinken



Betinking op it Reaklif fan de Slach by Warns.
FOTO NIELS DE VRIES

Rimmer Mulder lit him yn syn Te Gast ‘De revanche van de Hollanders?’ (LC 5 oktober) fan syn anty-Fryske kant sjen en brûkt dêrta in pear singeliere redeneartúkjies.

It earste is: as it der mei it Frysk ûnderwiis werklik sa min foar stiet as Thom Dykstra en Sjoerd Groenhof bewearre (en dat binne feiten: 85 prosint fan de bern komt as analfabeet yn de

memmetaal fan skoalle ôf), ‘dan heeft de jaarlijkse herdenking bij Warns geen zin meer’. Oan it betingst fan de redenaasje skynt dan dus foldien te wêzen.

Wêrom net oarsom stelling nommen: salang’t it Fryske ûnderwiis noch sa striemin is, dan moatte se foaral trochgean mei dat te betinken, ek by Warns. It liket der sterk op dat Mulder suggerearje wol dat, omdat de Friezen dy slach yn 1345 wûn hawwe, de Hollanners ‘nu alsnog wraak voor deze vernedering’ nimme wolle: ‘Je zou het bijna gaan denken.’

En wat mear oft soks yn Warns ‘betocht’ wurdt, wat fûleindiger oft de Hollanners ús fan ús identiteit berôvje wolle soene. Hy freget him ôf: ‘Waarom ze dat (zouden) doen?’ In echt antwurd kîn of wól er net betinke. Soe ’t lykwols net sa wêze kinne dat troch te ‘betinken’ dat ús foarâlden doe sa’n slach winne koene, harren neiteam no ynspiraasje opdocht om foar harsels op te kommen en sadwaande ek striidt foar goed ûnderwiis yn it Frysk, al moat dat foar de helsdoarren weikomme?

Mei dominy Martin Luther King silger sis ik dan: ‘Wy hawwe in tal swiere dagen foar de boech. Mar it makket my no net mear út. Om’t ik nei de berchtop west ha.’ (Ut *I have seen the promised land*, 3 april 1968).

Yn it twadde plak tinkt Mulder mei deputearre Johannes Kramer dat de Friezen hiel lokkich en tefreden binne en der ek neat mankearret oan harren mienskipssin. Tsientûzenen drave ommers op om Maarten van der Weijden oan te moedigjen en dêrom moatte de Friezen harren benammen gjin identiteitskrisis oanprate litte troch ‘doemdenkers die verlangen naar een verleden dat er nooit was’. Se moatte beleaven berêste en mar genietsje fan al dat lok.

Tinkt Mulder no werklik dat twa iuwen fan taalûnderdrukking yn en bûten it ûnderwiis de Fryske identiteit net systematysk bedriget? Hat Mulder bygelyks de *Makabere dûns om de keardoelen Frysk* fan Thom Dykstra wol lêzen? Of it *Oanfalsplan Frysk* (2008) goed bestudearre? Of stiet syn miening, ‘*fact free*’, fan tefoaren al fêst?

Grif hat Mulder syn parate ‘kennis’ noch út de Hollânsktalige learboekjes oer de ‘vaderlandse geschiedenis’, dy’t sûnt likernôch 1800 bewust in ‘Nederlandse (is Hollandse) identiteit’ skeppe moasten en neat witte woene fan in Fryske identiteit en fan de Fryske skiednis. Dat begryp is allinnich yn Nederlân brûkt en ‘dat is omdat wij het hebben gebruikt om van kinderen goede vaderlanders te maken’ (Piet de Rooij, *LC* 19 july). ‘Nederland heeft Friesland in veel opzichten ontfriest en cultureel verarmd’ (J.H. Scheps, *LC* 10 jannewaris 1987).

Ek fertochte boarnen? Der moast dwers tsjin alles yn in sintralistyske ‘ienheids’-steat kreëarre wurde. En dat koe net sûnder ús Fryske mienskip te yndoktrinearjen en fan harsels te ferfrjemdzjen.

PITER DYKSTRA

Mitselwier